

KRYPTOGRAM 207A

Horizontaal:

8 Kaaiman (6); 9 In boarger as húsgenoat (8); 10 Hâldt net fan talen, mar wol fan Grysk (4); 11 Ferfiermiddel foar in bliksembesite (10); 13 Is yn hannen fan in ûnaardige kapster (9); 15 De Nessers geane sûnder de NS op fakânsje (5); 16 Komt yn de kontekst azem tekoart troch de opwining (7); 18 Arsjitekten tekenje derfoar (7); 19 Op dat terrein slacht men syn slach (5); 20 Smarmiddel foar horloazjes (9); 22 Dat spul is pynlik foar boksers (10); 24 Haadstik (4); 26 Hiertange op âlde redens? (8); 27 Fersekert de roeden (6).

Fertikaal:

1 In gelearde manier oantsjutte (4); 2 It is laf om Tina hielendal tot it lêst wachtsje te litten (6); 3 Jit de drins fan de frisdrank mar yn in glês (4); 4 In ferkâlden Terhernster (12); 5 Swimklean (10); 6 Finansjele prikel foar in prikje (8); 7 Hûnen rinne foarop (12); 10 Wurdt by de hurd songen (12); 12 Jout it Ryk oan (12); 14 Alt dy 't net as earste keazen wurdt (6,4) (10); 17


Fossile âlde geit (8); 21 In fermoeden foar frjemd jild komt gau (6); 23 Wer snie.. (4); 25 De stân yn de Haadklasse (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 1 - 6 - 24 - 17 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 207a. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 207a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **22 juny** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-



Kryptogram 207A en Krúswurdpuzel 207B stûne ferline wike sneon ferkeard yn de krante; ús ekskuzes dêrfoar. Hjirnjonken steane de goede puzzels.

Let op!
Graach eltse oplossing apart ynstjoere!
De winners wurde bekend makke op de earstfolgjende Fryske puzelside.

OPLOSSINGEN WIKE 21

Kryptogram 206a:



Plaknamme:

ROTTUM

Winner Boekebon:

M. Dijk-Faber, Gytsjerk